

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	Konst
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Yn de LC fan 23 jannewaris stiet in skerp haadredaksjoneel kommentaar dat it Kolleezje fan DS de hannen ôflûke wol fan Noardwest Fryslân. It projekt Waddenglas wurdt nei fase 1 net mei trochsetten, om't der net foldwaande fraach nei grûn is út de merk wei. Fierder hâldt de provinsje Fryslân op mei de gearwurking yn 'Ontwikkelingsmaatschappij CV/BV Westergo' yn Harns (ynustryhaven). Tagelyk is der yn de streek in grut stik maatskiplike ûnrêst troch de gas- en sâltwinning en de REC yn Harns. De FNP wol graach sjen nei de kânsen dy't der ál lizze, dus net redenearje út de problemen wei mar út de mooglikheden wei.</p> <p>Dy mooglikheid docht him no foar mei it Masterplan Westergo's Waddenroutes fan Stifting De Riedmar. Yn de streek binne op basis fan in fan ûnderen-op benadering tal fan projekten (21) ûntstien dy't de leefberheid, wurkgelegenheid en rekreasje befoarderje.</p> <p>Der is in Masterplan skreaun mei in fisjy en in earste oersjoch fan de projekten mei in koste-oersjoch. Om't de 21 projekten it hiele gebiet fan noardlik Westergo bestrike (Harns-Frjentsjerteradiel, Menameradiel en It Bildt) betsjut dit in geweldige kâns foar de regio, dêr't de FNP posityf nei sjen wol. De lizzing oan de Waadsee en it feit dat guon saken ek de ekology fersterkje betsjut neffens de FNP ek dat in berop dien wurde kin op it Waadfûns en op Europeeske middels. It betsjut ek in imago-ferbettering foar de kuststreek en spin-off nei oare projekten.</p> <p>Dêrom hat de fraksje in tal fragen oan it Kolleezje fan DS fan Fryslân:</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Is it Kolleezje op de hichte mei it haadredaksjoneel kommentaar yn de LC fan 23 jannewaris? Binne jim it mei ús iens dat de provinsje ek yn 'e takomst ynvestearje moat yn de leefberens fan it gebiet Noardwest Fryslân?2. Hawwe jim kundskip nommen fan it Masterplan Westergo's Waddenroutes?3. Is it kolleezje op 'e hichte mei de inisjativen en plannen, dy't der yn it gebiet fan ûnderen op ûntwikkele binne?4. Sjocht it kolleezje mooglikheden om mei it gebiet it

	Masterplan Waddenroutes op te pakken? Sa ja, hoe dan? Sa nee, wêrom net?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Sybren Posthumus
---------------	--

Datum	29 jannewaris 2015
-------	--------------------